

Jiks fynt har eigen stimme

FD 21-3-'9

Ferhalen

troch Yvonne Dijkstra

Yn in tiid as uzes soene je sizze dat der op homoseksualiteit gjin tabû mear leit. Sjoch mar ris nei festivals as de gay-parade, dêr't boaten fol mear-of-minder ûntbleate homo's - it grutste part is man - troch de Amsterdamske grêften farre. Of nei idoalen as Paul de Leeuw en oaren dy't iepentlik ferwize nei harren seksuele foarkar. Lykwols, nettsjinsteande in skynbere ôfwêzichheid fan tabû wurdt der dochs noch altyd net foar neat sprutsen fan 'út 'e kast kommen'.

En dat it in hiel proses wêze kin om jins homoseksualiteit te akseptearjen, lit ek Janneke Spoelstra sjen yn 'e ferhalebondel *In Jikse-libben*. Jiks is in jongesachtich famke dat opgroeit yn in lyts doarpke. Stadichoan komt hja derachter dat hja 'is wat de wrâld lesbysk neamt'. Yn njoggentjin ferhalen lêze we net allinnich oer de jonge en de folwoekse ne Jiks, mar ek 'oer minsken as Jiks' (achterflap). Dat lêste

jout suver de yndruk dat it giet oer minsken mei in enge sykte, mar hawar. De ferhalen oer oare lesbyske froulju spylje yn eardere tiden en komme allegear hjir op del: froulju, itsij yn in kleaster itsij yn in boerebedstee, libje yn it geheim harren ferbeane seksuele gefoelens út. Nei ien kear is dit idee dúdlik, en hiel spannend wol it dan ek net wurde.

Der wurdt net foar neat sprutsen fan 'út 'e kast kommen'

Folle spannender is de ûntjouwing dy't Jiks trochmakket yn de njoggentjin ferhalen. Fan in yntrovert jongesachtich famke fynt hja úteinlik troch it skriuwen fan ferhalen har eigen stimme. Yn it ferhaal mei de titel *It boek fan Jiks* lit Jiks har gedachten

gean oer har skriuwerij. Sil it boek fan Jiks in boek wurde 'as in spoardok, dêr't alle âlde rotsoai hinne tôge is, dat Jiks en har maten dan wer brûke kinne? In boek as in trui, in trui fan doarpshûsjern', sa't de memmen fan it doarpke dy breiden om jild yn te sammeljen foar in nij doarpshûs? En wêrom is dat skriuwen sa wichtich foar Jiks? Is it faaks om har oanwêzichheid te ûnderstreekjen? Of om de skiednis op 'e nij yn te foljen? Of miskien is har boekskriuwerij wol te fergelykjen mei it op 'e wrâld setten fan in bern?

It soe allegear kinne.

De grutste fertjinste fan dizze bondel is dat Spoelstra in Jiks fan fleis en bloed delsetten hat.

In Jiks dy't yn al har kwetsberens en mei al har prakke-saasjes net allinnich hiel werkenber wêze sil foar 'minsken sa as har', mar ek foar froulju yn it algemien.

i In *Jikse-libben*. Janneke Spoelstra. *Utjouwerij Frysk & frij*, 13,50 euro